

Bijlage VWO
2026

tijdvak 1

Fries

Tekstboekje

In planolooch dy't keunst as rêder sjocht

Keunst en kultuer hawwe betsjutting foar de ûntjouwing fan in duorsume takomst. It projekt *Bosk* is foar planolooch Zef Hemel de ynspiraasje foar hoe't minsken sels in feroaring yn gong sette kinne. Lykas Vincent van Gogh¹⁾ set er him ta rinnen troch de fjilden en de doarpen.

- (1) Yn de fuotleasten fan Vincent van Gogh swalket heechlearaar Zef Hemel troch de kontreien yn it noarden fan ús lân. It is in ûngewoane ynfolling fan syn learstoel oan de Ryksuniversiteit Grins. Foar de planolooch dy't him safolle jierren drok makke om de struktuer fan Amsterdam jildt no dat it plattelân syn atelier is. "Ik besleat om te rinnen om better sjen te kinnen. As men de feroaringen yn it lânskip sjocht, dan benearet it jin."
- (2) It paad hat him brocht yn Fryske doarpen, lâns fearten en marren en oer de seedyk by de Waadsee del. Yn Fryslân binne rûnom prachtige loftten mei wolken, is der noch skjinne lucht te snuven en kin it pikkenacht wêze. It kuierjen hat in wichtige funksje. Want sa kin men stilsteane by de wearde fan it lânskip. "Ik wie te saaklik wurden. Allegearre fluch-fluch. No geane wrâlden foar my iepen as ik troch Fryslân rin. It is ûnwierskynlik moai. Dêrom sis ik: gean te rinnen!"
- (3) Keunst en kultuer helpe om feroaringen mooglik te meitsjen, stelt Zef Hemel. Hy sjocht de foarbylden út it ferline dy't ynspiraasje biede. Sa't bygelyks Joop Mulder silger mei *Sense of Place* omtinken frege foar de Waadkust. Ferskate kultuerprojekten lykas de *Terp fan de Takomst* yn de kwelders by Blije wize de wei. En hy is wakker optein oer wat it troch lânskipsarsjitekt Bruno Doedens betochte *Bosk* yn gong set hat. De 1200 beammen dy't yn 2022 by it kultuerprojekt *Arcadia* troch Ljouwert beweegden, hat mannichien oan it tinken set oer in duorsume takomst.
- (4) "Keunstners dogge it. Sy binne de iennigen dy't ús it paad wize kinne. Arsjitekten en planologen sitte yn harren eigen bûl. Dy kinne harren net losmeitsje. Sy sitte mei de lêst fan harren opdrachtjouwers. Efter harren buro wei dogge se harren wurk, sûnder echt yn kontakt te wêzen mei de minsken." Hy is kritysk oer syn eigen beropsgroep. "Ik wol se befrije. It fak planology is fêstrûn." It is syn argewaasje dat se net mear it paad wize nei in duorsume takomst. Syn hoop is dat in nije generaasje ál oars sjen sil.
- (5) Ynspiraasje is der ek fan keunstners Marina Abramovic en har partner, dy't elk in kuier fan goed twatûzen kilometer makken by de Sineeske Muorre del, om inoar úteinlik op healwei te moetsjen foar harren projekt *The Lovers*. It lange rinnen fan Marina Abramovic past yn de rige fan it ferlizzen fan de eigen grinzen.
- (6) Sa'n ynspannen en tiidslinende ekspedysje liedt neffens Zef Hemel ta in djip begryp fan tiid en romte. Dêr kin mannichien by stilsteane yn ús dûzeljend fluch bestean. "Ik hâld my as in keunstner", ferklearret er syn ûnortodokse ynklaaiing fan it fak fan planolooch. It rinnen sels is eins net

iens sa nij ûnder de sinne: “De pioniers yn it fak diene it ek. Sy sochten
 40 nije foarmen.” No besiket er om hjir en dêr de minsken in spegel foar te
 hâlden. “Want der is safolle te rêden. Nim it klimaat en it bioferskaat.”

(7) “Ik leau yn keunstners en eveneminten”, fertelt er entûsjast. Hy kin
 noch hieltyd oerémis reitsje oer wat er meimakke hat doe’t *Bosk* stadich
 troch de stêd gie. “Elke freed wiene der minsken oan it skuorren om de
 45 beammen te ferpleatsen. Se wiene ree ta beweging. Waansinnich. Ik leau
 yn spierkrêft. Dy sil ús rêde.”

(8) Zef Hemel hat goede hoop dat *Bosk* in ferfolch kriget. Hy hellet út
 datsoarte saken ynspiraasje om yn beweging te kommen. Troch it kontakt
 mei it lânskip werom te bringen is der in feroaring yn gong te setten, tinkt
 50 er. “Wy binne fierstente folle op stiennen rjochte, mar grutte suksessen yn
 romtlike oardering komme fuort út de mienskip. Wy moatte fertraagje,
 want it giet net goed. Der is echt wat slims te rêden.”

(9) “Wês sunich op ‘e romte”, is syn advys. Hy sjocht neat yn grutte
 plannen, of in ‘weropbou fan it plattelân’, sa’t de ferantwurdlike minister
 55 dat suggerearre hat. “Bring leaver natuer en lânskip werom yn elk syn
 libben.” Stap foar stap kin it oars: “It Noarden soe in foarbyld wurde kinne
 yn it tinken oer in takomst dêr’t wy as minskheid yn oerlibje kinne. Sjoch
 hoe’t Friezen harren riere. Fryslân hat in ûnbidige draai makke. It begjin
 leit by *Ljouwert-Fryslân 2018*²⁾. De kulturele line mei ferbingingen mei
 60 keunst en muzyk is sa opmerklik.”

(10) Zef Hemel hat fiif jier de tiid om ûndersyk te dwaan nei de
 revitalisearring fan stêd en plattelân. Hy hat dêrfoar in omkearde agenda
 yn gedachten. Net de ekonomy, mar de minsken yn it lânskip stean
 sintraal. Sa’t Vincent van Gogh seach nei de minsken en harren lânskip,
 65 sa sjocht de heechlearaar nei it hjoeddeistige libben. It resept is foar him
 dúdlik: “Aktivearje de doarpen, motivearje de minsken. Net mei subsydzje
 en beloften, mar mei oandacht, belangstelling en tawijing.” Ek foar de
 wittenskippers jildt in oare wei as wat sy wend binne: “Planologen soene
 de tiid nimme moatte en de dingen beprate, net saaklik mar persoanlik.
 70 Bring wat yn beweging, set de bewenners yn harren krêft.”

(11) It is in yllúzje om te tinken dat der in duorsume takomst mooglik is
 sûnder dat minsken kontakt mei it lânskip hawwe, warskôget er. Mei
 technologyske foarútgong en beloften fan de sirkulêre ekonomy is men
 der net. It Noarden is yn syn eagen net holpen mei mear sneldiken,
 75 yndustry en huzen. Noch mear ekonomyske groei of op ‘en nij miljarden
 ynvestearje yn nije ynfrastruktuer, hy freget him lûdop ôf oft soks wol
 ferstannich is. De romte dy’t der no noch is, beskôget er as hiel kostber:
 “It is gjin romte om te foljen.”

(12) Syn doel is om in duorsume mienskip op te bouwen. De iuwenâlde
 80 Fryske skiednis dy’t in fûnemint hat yn de terpen is in help foar de
 takomst. De kaart dy’t yn 1979 makke is mei alderhande âlde paden dy’t
 Fryslân ryk is, wiist him de wei foar ynspirearjende reizen dy’t
 ûndernommen wurde sille mei bekende en ûnbekende minsken dy’t
 meirinne, meiprate en meitinke oer saken lykas duorsumens, sûnens,

85 skiednis, kultuer en it lânskip sels. By eintsjebeslút wurdt it in ferhaal foar de takomst.

(13) Withoefaak grypt Zef Hemel werom nei hoe't Vincent van Gogh yn 1883 trije moanne omhúsmanne hat yn it Drintske lân, it meast yn it loazjemint Scholte yn Nieuw-Amsterdam. Hy hat ûnder oaren it
90 skildereftige fan de heidefjilden fêstlein, mar it each foel him ek op gewoane en ûngewoane lânskipseleminten lykas ikkers mei koarn, hagen, plaggehutten en beamstronken. De wurkwize fan de skilder is foar Zef Hemel in ynspiraasjeboarne. Vincent van Gogh gong nei syn tiid yn de stêden Parys en Londen te foet troch it lân. Sa seach er folle mear fan it
95 foar him ûnbekende. Hy neamde syn tochten ûntdekkingsreizen.

(14) Sa giet ek de planoloch troch de trije noardlike provinsjes. Ut Amsterdam wei nimt er alle tiid om it skildereftige fan it Fryske lânskip yn him op te nimmen. "Ik gean nei bûten ta en gean te rinnen. Ik nûgje studinten en gasten út en nim de tiid om de skjintme te sjen en nei te
100 tinken. Hjir komme alderlei moaie dingen út." By gelegenheid beneamt er it as in reis werom, te ferlykjen mei de lange tocht dy't Odysseus nei de Trojaanske oarloch makke. Hieltyd op 'en nij wie it foar de Grykske held in beproeving mei it ûnbekende. De klimaatferoaring fan no is hjoed-de-dei de Odyssee foar planologen. "It is myn argewaasje dat der gjin liedend
105 takomstbyld is foar Nederlân. Der is dêrom in soad ûnwissens by minsken foar de lange termyn. Lit ús ôfprate dat we ús ynsette, lykas mei *Bosk*. Ek al giet it traach."

Bert de Jong, de Moanne, april 2024

noot 1 Vincent van Gogh libbe fan 1853 oant 1890 en is ien fan de bekendste keunstskilders fan de wrâld. Syn bekendste wurken binne de skilderijen *Sinneblommen*, *Ierappeliters* en *Sliepkeamer yn Arles*.

noot 2 *Ljouwert-Fryslân 2018* (LF 2018) is de namme foar Ljouwert as kulturele haadstêd fan Europa yn 2018. Yn it hiele jier wiene der kulturele aktiviteiten yn sawol de stêd as de provinsje Fryslân.

Keunst mei keunstwurken

In giseljende wyn mei reinwetter, hagel en snie, in oare kear in gleone sinne en altyd it bitende sâlt fan de see. Der binne bettere plakken te betinken foar keunst yn de iepenbiere romte. En dochs is de Ofslútdyk in lang lint fan keunst en keunstwurken. It ikoan fan sivylnyske prestaasjes is ek ien fan artistike ljocht- en hichtepunten.

(1) De Ofslútdyk is as in lange nâlestring tusken Fryslân en Hollân en eins ien grutte samling fan fernimstige kreativiteit. It liket in wûnder fan ferskate objekten makke fan sân, klaai, stien en beton, mar it is safolle mear as dat. It is ek in dyk dy't diels op 'en nij boud is mei ûnder oaren 5 keunstige Levvel-stiennen¹⁾, dy't samar betocht wêze koene troch de ferneamde grafikus Maurits Escher²⁾. En in dyk mei in gat, in fiskmigrasjerivier dy't oer de wrâld no al krekt safolle bewûndering en fernuvering ôftwingt as de Ofslútdyk sels.

(2) Foar mear as in miljard euro is en wurdt der yn *De Nije Ofslútdyk* 10 ynvestearre. It is yn syn omfang in prestizjeus projekt om de út 1932 datearjende daam troch de wylde Sudersee te renovearjen en op in protte plakken te ferheegjen om sa in feilige buffer te wêzen tsjin de hege weagen fan de Waadsee by stoarmwaar. Tagelyk is it de ynset om him mear fan dizze tiid te meitsjen en flaters by de oanlis yn it ferline rjocht te 15 breidzjen.

(3) De nije fiskmigrasjerivier yn de Ofslútdyk is foar yngenieurs in keunstwurk fan dizze tiid, mar ek foar lânskipsarsjitekt en keunstner Bruno Doedens. Yn opdracht fan it projekt *De Nije Ofslútdyk* hat er op in eigen wize keunst mei dit sivylnyske projekt ferbûn. It giet hjir om de 20 ferbylding fan de fisken dy't op en del swimme tusken de sâlte Waadsee en it swiete wetter fan de Iselmar. Hy giet daliks werom nei de kearn: "De fiskmigrasjerivier is op himsels al in keunstwurk. In gat yn de dyk! Dat is echt hiel bysûnder, want it stiet heaksk op wat de minske eins wol."

(4) Al tsien jier is de Amsterdamske keunstner dwaande mei dit bysûndere 25 projekt. It is keunst yn de iepenbiere romte en soks om-en-de-by ien fan de meast ikoanyske eleminten dy't Nederlân ryk is. De Waadferiening wie anneks mei de seleksje fan de keunstners en úteinlik is Bruno Doedens útkeazen om dêrmei oan de slach te gean. "Fan it begjin ôf is men by alle grutte plannen foar *De Nije Ofslútdyk* belutsen. Dat makket it yntins."

(5) "It draait om it fertellen fan ferhalen", is de útlis. "De útdaging wie om 30 de wrâld fan de fisken sichtber te meitsjen en belibje te litten. Mar it is ek it ferhaal dat wy as minsken it oars dwaan moatte yn de relaasje mei de natuer." In fjild oan fisken is te sjen by it paad del ûnder de autosneldyk A7 troch. De tolve soarten dy't wichtich fûn wurde, binne ôfhinklik fan in frije trochgong fan swiet nei sâlt wetter en oarsom. Se hawwe om dy 35 reden in plakje yn it gat yn de dyk. It binne gjin echte fisken, mar eksimplaren mei moderne middels makke.

- (6) “Wy printsje de tolve fisksoarten dy’t de fiskmigraasjerivier it meast brûke sille yn 3D en meitsje se op de muorre fêst”, leit Bruno Doedens út.
- 40 “Mei it plak dêr’t sy weikomme en dêr’t sy hinne geane, ynklusyf it tal kilometers tusken dat plak en de Ofslútdyk. Sa krije besikers in byld by de somtiden ûnbidige ôfstannen dy’t migrearjende fisken ôflizze.” Soks docht jin de skilen fan de eagen fallen. Nim de iel dy’t yn de Fryske marren wêze wol om grut te wurden, mar werom nei de Sargassosee by Bermuda
- 45 op ’en nij 6000 kilometers swimt en ûnderweis hûnderten tûkelteammen lykas diken en slûzen tsjinkomt.
- (7) Sintraal stiet *De Blije Vis*. Dat keunstwurk lit neffens Bruno Doedens sjen wat dizze fiskmigraasjerivier docht: fisken bliid meitsje. “It is wichtich foar it ferhaal fan dit plak. As antwurd op in wichtige fraach: wêr dogge wy
- 50 dit no foar? It gat yn de dyk is in symboal foar de needsaak foar noch mear gatten yn diken.”
- (8) Eins is it gat yn de Ofslútdyk yn de fyzje fan Bruno Doedens in moai foarbyld fan de omslach fan ‘antroposeen’³⁾ nei ‘symbiosean’⁴⁾. Mei de oanlis fan de daam troch de Sudersee hawwe de minsken de natuer nei
- 55 harren hân set. No is it de tiid dat de minsken meibewege mei de natuer en dêrmei yn it lykwicht binne. “Der is in nij tiidsbyld, dêr’t wy de balâns tusken de minske en natuer yn weromfine.”
- (9) Safolle ljocht skynt der figuerlik op de Ofslútdyk dat it keunstprojekt fan Daan Roosegaarde hast yn it skaad komt te stean. De slûstueren oan
- 60 it begjin en de ein fan de Ofslútdyk krije prachtige kontoeren as yn de tsjustere nachten de reflektearjende banen opljochtsje yn it skynsel fan de lampen fan de auto’s dy’t der op oanride. De betonnen kolossen krije sa elegânsje, presys op it momint dat autoriders deroan foarby ride. Dêrnei is de nacht wer tsjuster mei inkeld strieljende stjerren, de moanne en
- 65 fierderop de toplampen fan wynmolen.
- (10) Yn it ramt fan it keunstprojekt *Icoon Afsluitdijk* hat Daan Roosegaarde fan Rykswettersteat opdracht krigen om ien en oar yn it ljocht te setten. It ûnderdiel *Lichtpoort* bestiet sûnt 2017, it begjinjier fan it wurk oan *De Nije Ofslútdyk*. Twa oare ûnderdielen – *Glowing Nature* en
- 70 *Windvogels* – wiene tydlik. It earste wie in ynstallaasje mei miljarden opljochtsjende blauwe algen yn it Kazemattemuseum yn KoarnwerTERSân, by it oare gie it om trije swevende draken mei grien ferljochte kabels yn Den Oever.
- (11) It mocht wat kostje. Foar trettjin miljoen euro hat Daan Roosegaarde
- 75 syn ljochtprojekten makke. De ynspiraasje kaam fan fladderjende flinters: guon hawwe wjukken dy’t yn de nacht yn it ljocht reflektearje. In fynst fansels, want soks soe de minske wol faker brûke kinne. Frijwat strjitlantearen soene oerstallich wurde kinne. Op de ikoanyske Ofslútdyk ûntstiet ynienen in futuristysk lânskip. It set oan ta neitinken om dingen
- 80 krekt oars te dwaan. Sa bringt keunst yn de romte ek oaren op moaie gedachten.
- (12) As it oan Maree Blok en Bas Lugthart lein hie, dan hie der in mânske skulptuer fan in bûgende minske op de Ofslútdyk stien. De byldzjend keunstners út it Grinzer Onderdendam hiene it byld fan sa’n santjin meter

85 heech betocht om sa alle reizgers op wei nei Fryslân wolkom te hjitten.

“Tige ambisjeus”, sjocht Bas Lugthart werom op harren idee.

(13) It is 2016 as Maree Blok en Bas Lugthart mei harren ûntwerp foar it deiljocht komme. Sy hawwe dan hjir en dêr al ferskillende keunstwurken yn de iepen romte delset. Dêrta heart it Alvestêdemonumint *It sil heve* mei tegels fan de riders op de brêge yn de wei tusken Gytsjerk en Miedum, en op De Jouwer it keunstwurk *It grutte gesicht* as fontein dy’t út de slaggen fan it hier it wetter spuitsje lit. De oprop doedestiids oan keunstners om mei suggestjes te kommen foar in wolkom by de tagongsdiken nei Fryslân, like in kâns om mei te dwaan as opmaat nei Fryslân as kultureel
95 middelpunt fan Europa.

(14) De keunstners seagen it al hielendal sitten: oer de Ofslútdyk soene de autoriders al fan grutte ôfstân it keunstwurk *Wolkom* sjen. Tichterby wurdt it dan in ymposante skulptuer. It binnenkommen fan Fryslân draait neffens harren sa út op in bysûnder momint: it is de entree nei it gebiet fan de legindaryske frijheidsstrider Grutte Pier, dy’t foar de frijheid fan de Friezen tsjin de greven fan Hollân striden hat. Djip bûgend liket it reuseftige minskfiguer in hertlik wolkom te jaan. Ek as it tsjuster is, want dan soe út de mûle in ljochtskynsel op it swarte asfalt delkomme en dêr it wurd ‘Wolkom’ projektearje.

105 (15) Sjoch dan ris nei wat der al stiet om en by de Ofslútdyk. Om te tsjûgjen fan al it bealgjen dat nedich west hat foar de Ofslútdyk stiet ticht by it *Vlietermonument* it keunstwurk *De Steenzetter*. It mânselhege, yn brûns getten byld is op 28 maaie 1982 ûntbleate troch keninginne Beatrix⁵⁾, om stil te stean by it momint dat presys fyftich jier earder om
110 13.02 oere it lêste gat yn de dyk tichte waard en Grietje Bosker⁶⁾ as earste frou oerstuts. Keunstner Ineke van Dijk hat it byld makke as earbetoan oan al dy minsken dy’t harren hjir de lea stikken wurken. Of eins is it troch har twa kear makke, want it 200 kilogram swiere keunstwurk is yn 1984 stellen om foar in pear luzige sinten earne yn in
115 smeltkroes wei te wurden. Ineke van Dijk koe soks net ferneare en hat yn in moai brief oan de minister frege om it byld op ’en nij meitsje te meien. In jier letter stie dêr wer *De Steenzetter*. Moaier, fûn de keunstner sels. En daliks wie der in primeur, want it waard it earste byld yn de iepenbiere romte mei in elektroanyske befeiliging.

120 (16) Noch bekender is it stânbyld fan ir. Cornelis Lely, makke troch Mari Andriessen en by it berikken fan it hûndertste bertejier fan de betinker fan de Ofslútdyk yn 1954 troch keninginne Juliana⁷⁾ ûntbleate. Earst hie it mânske byld fan brûns syn plak by de Simon Stevinslûzen by Den Oever. By gelegenheid fan it 75-jierrich bestean fan de Ofslútdyk yn 2007 is it
125 keunstwurk ferhuze nei it plak by it *Vlietermonument*, krekt dêr wêr’t dat lêste gat yn de dyk yn 1932 tichte waard.

(17) Sa’t doe wichtich wie dat de dyk gjin gat hawwe soe, sa is it no hast in iuw letter fan belang dat der wer in gat yn de dyk sit, oars as fan de slûzen. It wetter kin fan swiet nei sâlt en oarsom. En de fisken kinne mei,
130 sûnder dat se rare keunsten úthelje moatte mei sokssawat as in trep. It libbenswurk fan Cornelis Lely hat in ferbettering krigen, no’t de fisken wer

frij yn en út swimme kinne. Al dy tiid hat it duorre ear't der wat dien is oan de ekologyske wreedheden dy't mei de oanlis fan de Ofslútdyk realisearre binne.

Bert de Jong, de Moanne, febrewaris 2024

- noot 1 Levvel-stiennen wage likernôch 6500 kg it stik, binne tige sterk, hawwe in weachremjende wurking en binne ienfâldich te pleatsen.
- noot 2 Maurits Cornelis Escher (1898-1972) wie in Nederlânske keunstner dy't bekend is om syn houtfiken, houtgravueres en litografyen dêr't er faak yn spile mei wiskundige prinsipes.
- noot 3 It wurd 'antroposeen' (Gryksk: 'anthropos') tsjut derop dat de minske aktyf is by it ûntstean fan eat.
- noot 4 It wurd 'symbiose' (Gryksk: 'sumbiosis') wol sizze dat der in gearwurking is tusken minske, natuer en technology.
- noot 5 Prinses Beatrix (1938-) wie fan 30 april 1980 oant en mei 30 april 2013 Keninginne fan de Nederlannen.
- noot 6 Grietje Bosker wie fan it begjin ôf belutsen by de bou fan de Ofslútdyk, om't har broer as oannimmer belutsen wie. Doe't it lêste gat tichte waard, begûnen skipssirenes en stoomfluiten te toeterjen. Grietje Bosker koe har net ynhâlde, se die de skuon en hoazzen út, tilde har rokken op en stuts de Ofslútdyk oer. It byld helle it lanlike nijs.
- noot 7 Prinses Juliana (1909-2004) wie fan 4 septimber 1948 oant en mei 30 april 1980 Keninginne fan de Nederlannen.

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen. Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.